

Meditaasje op basis fan de folgjende teksten:
Mattéus 26: 1-46, Mattéus 26:47-27:44 en Matteüs 27:27-61

Gemeente,

Oan it begjin fan de tsjinst ha wy in pear kûpletten songen fan it bekende liet, dat begjint mei de wurden:

Lear my, o Hear, jo lijen te betinken. Ik fiel mysels yn dizze see fersinken.

Persoanlik hâld ik net fan de tinkbylden dy't fierderop yn dit liet ferkundige wurde, mar dizze begjintwurden sizze jin wol wat. Dy jouwe útdrukking oan it gefoel fan ferlegenheid dat it lijen by jin opropt. Ik tink dat wy dat gefoel allegearre wol kenne, as wy konfrontearre wurde mei immen dy't in freeslike lijenswei trochmakket. Ik tink dan oan pine en sykte, oan in slim ferlies. It binne dingen dy't op jins wei komme kinne. Soms samar ynienen. Yn it doarp of yn 'e buert. Yn de rûnte fan jins freonen, jins femylje of yn jins hûshâlding.

It lijen. Slim as it jin treft, slim om it oan te sjen.

It konfrontearret jin mei in gefoel fan machteleazens. Ferlegenheid.

Hoe moat men der mei omgean? Wat falt der te sizzen?

In soksoartich gefoel haw ik eins ek wat yn de 40-dagetiid foar Peaske. Ik wit noait krekt hoe't ik dêr mei omgean moat.

In skoftsje ferlyn lies ik yn de krante in column fan in kollega hjir yn Fryslân. Hy skreau dat er yn de 40-dagetiid foar Peaske syn deistige slokje stean liet, en ek it stikje woarst en tsiis dat dêr dan by hearde, dat naam er dan ek net. Dat wol sizze: troch de wike net, sneins wol. Mei ferbazing haw ik dat berjocht oerlêzen. Ik bedoel, dat it stean litten fan drank en in flaubyt jins reaksje wêze kin op sa'n ferskrikkelik ferhaal as ferried, ûnrjocht en in wrede en sadistyske krusiging. En dat dan ek noch yn de krante sette.

Lear my, o Hear, jo lijen te betinken. Ik fiel mysels yn dizze see fersinken.

Dyselde wurden kamen ek by my boppe, doe't wy in wike as wat ferlyn yn in tsjerke yn Barcelona wienen. Dêr hong boppe in alter in grut skilderij fan in pieta. In pieta is in keunstwurk dêr't in sittende Maria op ôfbylde is mei op de skurte it lyk fan har soan Jezus, dat krekt fan it krús ôfhelle is. Op dat skilderij wie Maria hiel realistysk ôfbylde, alhiel yn triennen. Yn de earms it lyk fan har soan, freeslik tramtearre en plodzich en mei in giel-griisefteige lykkleur. Allegear gûlende ingeltsjes der omhinne. 'Jakkies', dat wie it gefoel dat it keunstwurk by ús oprôp.

Wat beweecht in keunstner om soks op dy wize te skilderjen? Wat beweecht in tsjerkebestjoer om sa'n skilderij dêr op te hingjen. En wat is it krekt dat de leauwigen belibje by it sjen fan sa'n keunstwurk?

In ûntlading fan anty-joadske gefoelens, krekt op Goed Freed? Wy hearden dêr fan ús gids freeslike ferhalen oer.

Efkes letter hienen wy it dêr yn in petear mei har oer.

En ik helle in útspraak oan fan in rabby. Dy rabby sei tsjin in pastoar: 'Wat sitte jim yn de tsjerke dochs altiten te jammerjen oer dat lijen en dy krúsdea fan dy Jezus. En dan ús dêrfan te beskuldigen. Om te begjinnen ha de Romeinen him krusige. Wiis dan ek ris nei Rome.

Mar boppedat is it dochs sa dat jim leauwe dat jim de bêste man al binnen trije dagen werom hienen?

Wat seure jim dan noch. Ik woe wol dat ik de minsken dy't my leaf wienen en dy't ik ferlern ha werom krije koe. Ik soe myn gelok net opkinne. Ik soe it útsjonge fan blydskip.

Mar jimme? Ik begryp jim net!

Lear my, o Hear, jo lijen te betinken. Ik fiel mysels yn dizze see fersinken.

Ek wat seit de tsjerke deroer. Wat de offisjele lear? De wrâld soe sûnt dy freeslike freed ferlost wêze. Dêrom wurdt dy dei yn de tsjerke dan ek **Goed Freed** neamd.

Mar hoe sit dat dan krekt? Is troch dy wrede krusiging dy't de Man fan Nazaret ûndergien hat op de bewuste freed yn it jier 33, de minskheid no werklik ynienen ferlost? Ferlost fan wat? Wat is der krekt feroare sûnt dy datum?

It wie alwer in rabby dy't dat sei tsjin in pastoar en in dûmny.

Hy sei: 'Ienris, as de Messias komt, dan sil it frede wêze. Dan is alle kwea op ierde foarby. Mar dy Messias fan jim, wat hat dy no krekt brocht oan frede en ferlossing? Wiis it my oan.

Seker as joaden ha wy dêr noait in soad fan fernimme kinnen. Mar wês no earlik: jimsels dochs ek net. Hoefolle oarloppen binne der net fierd: wrede krústochten, godstsjinstoarloggen, wrâldoarloggen. Wiis my oan, bêste kristenminsk, wêr is de wrâld ferlost?'
En beiden, de pastoar sawol as de dûmny stienen mei de mûle fol toskten.

Lear my o Hear, jo lijen te betinken. Ik fiel mysels yn dizze see fersinken.

Wêr ha wy it oer as wy dy wurden sjonge en de âlde ferhalen hearre oer wat der barde op dy freeslike freed? Mar dochs, alle kearen as wy dy berjochten wer hearre en op ús ynwurkje litte, binne se wer yndrukwekkend. Want dy ferhalen dy't ús oerlevere binne troch Mattéus, Markus, Lukas en Johannes, dy hawwe wat.
En wat is dat no krekt? Grif soenen wy dêr hiel lang oer prate kinne.

Ik bin der wis fan dat de ferhalen wat bleat lizze oer de werklikheid dêr't wy yn libje. Oer hoe't wy minsken binne. De ferhalen fertelle wat oer de minskheid, oer de wrâld, de maatskippij, de skiednis. De ferhalen fertelle wat oer hoe't wy minsken yn elkoar stekke.
Yn alle persoanen dy't foarkomme yn it lijensevangeelje sjogge wy gewoane minsklike eigenskippen. Want hiele gewoane minsken wienen it. En faaks kenne wy ek ússels dêryn werom. De ferhalen hâlde jin in spegel foar.
De iene dei roppe en raze fan: 'Hosanna!' En noch gjin wike letter: 'Oan it krús mei dy man!
En noch in dei letter fan neat mear witte: *nicht gewusst*. Ûntkenne en ferswije. Net ha wolle dat der noch wurden oer smoarch makke wurde.
In spegel. Nim Judas bygelyks. Hoefolle judassen rinne der net om. En Petrus, hoefolle fan sokke petrusfigueren binne der wol net. En Pilatus? Hoe werkenber is dy net. Wat is wierheid? Wierheid is ommers in kwestje fan eigenbelang en benammen fan macht. En dy soldaten? Dy mannen dy dogge oars net as har plicht. Want *Befehl ist ja Befehl*. En dat omsteand laach, dat gjin hân útstekt? Dy minsken sille wol oppasse. Dêrom kinne se ek alle kanten út.

Okkersneins, nei oanlieding fan it Kenia-projekt fan Ria Fennema, hienen wy it deroer dat alles wat fan wearde is, tagelyk ek kwetsber is en warleas. Datselde sjogge wy ek yn it lijensevangeelje. De Man fan Nazaret, it Keninkryk fan God dat hy ferkundiget, hoe kwetsber is it net en hoe warleas. Sa is it Ryk fan God yn de wrâld oanwêzich: kwetsber en warleas.
En wol, omdat it stridich is mei de belangen fan dyjingen dy't de macht hawwe.
It giet tsjin de minsklike natoer yn. It is oars as oars. Net fanselssprekkend. En dêrom ropt it wjerstân op. In wolbekende minsklike hâlding stekt dan de kop op: it sûndebok meganisme. Dy sûndebok moat der ûndertroch. Dy moat pleage wurde. Dy moat lije. Dy moat stikken. Dy moat ferneatige wurde. Dy moat oan it krús.

En sa stiet it krús midden yn de wrâld.
It stiet op it skoalplein. It stiet yn bedriuwen en yn kantoaren.
It is oanwêzich yn de polityk. En net te ferjitten yn de tsjerke.
It krús is libbensgrut yn de hiele wrâld oanwêzich. Yn de wrâld fan juster en yn dy fan hjoed.

Ferline wike hearde ik in oangripende lêzing oer ien fan de meast swarte siden út de skiednis fan de stêd Ljouwert. De deportaasje fan ús Joadske stêdsgenoaten in de perioade septimber 1942 oant maaie 1943. Alle persoanen út it lijensevangeelje kamen yn gedachten wer foarby: de kwetsbere minsken, de sûndebokken dy't lije en stjerre moasten; de pilatussen; de judassen; de petrus-figueren; de Romeinske soldaten en it omsteand laach. Konfrontearjend wie it.
De oare deis hie ik it deroer mei in wat âldere frou, dy't my fertelde hoe't se as skoalfamke sa'n deportaasje op it Ljouwerter stasjon fan tichtby meimakke hie. Dy Joadske minsken, dy Dútskers en dy plysjemannen, dy blyndearre trein, no santich jier letter stienen de bylden har noch altiten helder foar eagen.

Gemeente, rûnom steane de krusen noch altiten midden yn de wrâld. Yn de wrâld fier fuort en yn de wrâld tichteby om ús hinne. Yn de wrâld fan juster en yn de wrâld fan hjoed.
En yn it lijensevangeelje wurdt ús de spegel foarhâlden.
Want dy ferhalen hawwe in ûnpeilbere djipte.
En dêrom moat men de ferhalen ek gewoan de ferhalen litte. Men moat se lêze, op jin ynwurkje litte, oertinke en by jin talitte.

Lear my, o Hear, jo lijen te betinken. Ik fiel mysels yn dizze see fersinken.

Amen

Rienk Klooster